



## Heitedei

### Troch Riemkje Pitstra

Tomke boartet mei Yana Yu.  
 'Ik bin de mem', seit Yana Yu.  
 'En ik bin de heit', seit Tomke.  
 'Krij ik in kadootsje fan dy?'  
 'Wêrom?', freget Yana Yu.  
 'Moarn is it heitedei', seit Tomke.  
 'Dan krije alle heiten in kadootsje.  
 Ik bin no ek in heit.  
 De heit fan Romke en fan koesbear.'  
 Yana Yu tinkt nei.  
 Wêr hallet se sa gau in kadootsje  
 wei foar heit Tomke?  
 'Us heit krijt moarn in fleske', seit se.  
 'Om lekker te rûken nei it skearen.'  
 'Ik wol ek lekker rûke', seit Tomke.  
 'Skeare hoecht net, hear.'  
 'Kornelia hat in hiele protte fleskes', wit  
 Romke.  
 'Kom mar mei, Yana Yu.'  
 Yana Yu en Romke geane nei boppen.  
 Heit Tomke bliuwt yn 'e keamer.  
 'Wat hat Kornelia moaie fleskes!', seit Yana  
 Yu.  
 Se sykje in blau fleske út.

'No noch in papierke derom', seit Romke.  
 Yn 'e gong leit in folder fan de supermerk.  
 Dêr past it kadootsje wol yn.  
 'Sjoch, heit Tomke', seit Yana Yu.  
 'Hjir is dyn kadootsje. Pak it mar út.'  
 Tomke fynt it kadootsje prachtich.  
 'Ik wol lekker rûke', seit er.  
 Hy spuitet 'pssst, pssst' op 'e wangen en it kin.  
 'Ik wol ek lekker rûke', seit Yana Yu.  
 Se spuitet yn 'e nekke. 'Pssst, pssst'.  
 'No ikke!', ropt Romke.  
 Tomke spuitet op 'e kop fan it hûntsje,  
 achter de earen en op 'e sturt.  
 'Pssst, pssst' en dan... is it fleske leech.  
 Kornelia komt de keamer yn.  
 Snuf, snuf, wat rûkt se dêr?  
 Se wiist nei it lege fleske.  
 'Wat is dit hjir?', freget se.  
 'Wy boartsje heitedei', seit Tomke.  
 'Ik bin de heit en ik ha in kadootsje krigen.'  
 'Ja, ja', laket Kornelia. 'Dat rûk ik.  
 Lit ús mar gau in eintsje te kuijerjen gear.  
 Jim stjonke in oere yn 'e wyn!'